

Iisbaan

útbrocht op de Rayonhade-CD Skodzje foar it brûken

soe der al hast iepen wêze	Dm	Bb	
jawis, ik haw it lêzen: it is jûn	Dm	Bb	A7
elts wol no graach ride	Dm	Bb	
op 'e redens glide yn it rûn	Dm	Bb	A7
de sterken en de leken	Gm	Eb	
dy sette no har streken op 'e baan	Gm	Eb	D7
en de lytskes dy't net ride	Fm	Db	
dy kinne op har slide ek meidwaan	Fm	Db	C7

kearsang: iisbaan, lekker even eigenwiis dwaan F Ab
gniis dan om al dy drokte op 'e iisbaan F A7

in knoffelige klauwer dy riidt in baan as fjouwer: wat in tocht
en wedstriidmaniakken stowe dêr yn glêde pakken tuskentoch
de feinten en de fammen sykje hjir har nije flammen út
do wolst it faaks net leauwe, mar foar trije rûntsjes triuwen krijst in tút
kearsang:

Hindrik sil ek los, hy smyt de klompen op 'e tas en giet stean
docht in streek nei foaren, op syn nije noaren sil't wol gean
mar hoe kin't sa gek dan hy giet plat op syn bek, man dit giet need!
mar och, it is gjin wûnder mei dy rubberhoes noch ûnder de reed
kearsang:

it njoggentjinde rûntsje, faaks ferlies ik no in pûntsje as twa
ik ha net echt ambysje, mar ik wol dochs wol kondysje ha
like hurd as Steven, ik besykje't wol even, mar hy fljocht!
omdat er wit dat Minke mei dy eagen dy't sa blinke nei him sjocht
kearsang:

yn 'e koek-en-sopy dêr sit lytse Jopie sa wurch
hy krijt fan omke Lolke troch syn poeiermolke bearenburch
en dat kin hiel wat dwaan, hy riidt al gau wer op 'e baan fol goeie moed
mar sjoch ris wat er docht: hy stapt al fier foar de bocht oer de foet!
kearsang:

it begjint te teien, do hearst de minsken kleien: 't is in griis
nee it wurdt net better, der komt hyltyd mear wetter op it iis
de iisklup-pommeranten set de banken oan 'e kant en út it sicht
de dream is wer fersteurd, it is no dien, it is gebeurd: de baan giet ticht!
kearsang: